Laudatio foar Liskje Flapper, lofprizing fan har wurk foar it ûnderwiis yn it Frysk

Utsprutsen troch Tom Dykstra, foarsitter fan de FFU, by it útrikken fan de eare-oarkonde fan de FFU oan Liskje Flapper op 7 novimber 2013

Liskje, it docht ús tige deugd dat wy dy as bestjoer fan de Feriening Frysk Underwiis hjoed by it 10de kongres fan de seksje Frysk fan Levende Talen ús tredde eare-oarkonde útrikke kinne. Twa tige fertsjinstlike Friezen binne dy al foargongen. Wy binne fan betinken datsto dy oarkonde ek mear as fertsjinne hast. Ik sil dat taljochtsje.

Al ier bisto begûn mei it krewearjen foar ús taal yn it ûnderwiis. Do hast oan de RUG skiednis studearre, it Frysk as byfak dien en dyn earstegraads-ûnderwiisfoech helle. Dyn mânske skripsje út 1983 hannele oer ûnderwiisfernijing yn Fryslân yn it begjin fan de 19de ieu. En do bist as pabû-dosinte oan de Noardlike Hegeskoalle te Ljouwert telâne kommen. Alwer yn beide fakken, skiednis en Frysk. Twa wichtige komponinten fan ús Fryske identiteit.

No is dat op himsels net foldwaande om ús eare-oarkonde te krijen. Men moat benammen yn de frije tiid hiel wat foar it Frysk út 'e wei sette. Beropsfriezen dy't dat net dogge, binne by ús foar in lofprizing by de FFU net oan it goede adres. It moat djipper sitte mei de taal en de kultuer. En dat docht benammen bliken yn de frije jûnsoeren. Dyn ûndersyk nei bûtermeitsjende boerinnen yn de 19de ieu past dêr ek skoan by. Dat hast grif skipe doe'tst sels boerinne waardst yn Burchwert. Skieppewol kinst ek in soad fan meitsje, sa witte wy. Dêr kriget ús oarkonde lykwols net foar.

Wy tinke mear oan dyn jierrenlange krewearjen foar de Afûk as lesjouster en as foarsitster fan de Afûk-eksamenkommisje. It Frysk en de Fryske skiednis út- en oerdrage, dat is wat dy altiten foar eagen stiet. It is almeast willewurk dat in soad ynset en saakkundigens freget.

Do bist, om mear foar Fryslân en it Frysk te dwaan, ek yn de polityk gongen. Dêr falle ommers de wichtichste beslissings oer it plak en de status fan it Frysk yn it ûnderwiis. Hast foar in politike frouljuswurkgroep aktyf west, yn in ôfdielingsbestjoer sitten en 4 jier riedslid yn de gemeente Wûnseradiel west. Op provinsjaal nivo bist polityk ek aktyf en striidsto foar de wearde fan saken dy't Fryslân unyk meitsje, lykas it lânskip, de Fryske taal en kultuer en mienskipssin. Do setst dy al in lange rige fan jierren yn foar in eigensinnich, selsbewust Fryslân.

By ûnderskate gelegenheden en op gâns plakken dy't mei it ûnderwiis yn it Frysk te krijen hawwe, kinne wy dy treffe en dat is hast altiten frijetiidswurk. Yn dat ramt striidsto ek foar de trijetalige skoalle, want it Frysk heart net allinnich as fak oanbean te wurden, mar moat ek folweardich brûkt wurde ek as fiertaal by oare fakken. Dan sil der ynvestearre wurde moatte yn de saakkundigens fan learkrêften. Der sil in goede meartalige didaktyk ûntwikkele wurde moatte en der moatte heechweardige learmiddels yn de trije talen foar komme. Dat is wat dy beweecht en dat sprekt ús as FFU tige oan, want dêr krewearje wy ek foar. Om dy reden bist grif al lang lid fan ús organisaasje. Wy hoopje datsto dêr noch hiel wat jierren mei trochgean meist en ús stypje by it ta stân bringen fan folweardige, yntegrale trijetalige learmiddels en it ferbetterjen fan de wetlike status fan it Frysk yn it hiele ûnderwiis.

Yn dit koarte bestek kinne wy fansels net al dyn fertsjinsten wiidweidich bylâns. Mar datsto lof fan ús fertsjinnest, dat stiet bûten kiif. Fan herten lokwinske!

FFU
FERIENING FRYSK UNDERWIIS